

SF D66/CU oer Fryske tolken yn de rjochtbank

Skriftlike fragen fan de leden De Jong (D66) en Bikker (ChristenUnie) oan de Minister fan Ynlânske Saken en de Minister foar Rjochtsbeskerming nei oanlieding fan it berjocht 'Gjin Fryske tolken mear beskikber fanwege 'meagere fergoeding'' fan 22 septimber 2021.

1. Is de Minister op de hichte fan it berjocht 'Gjin Fryske tolken mear beskikber fanwege 'meagere fergoeding''? 1)
2. Is de Minister it iens mei de yntsjinners dat it wichtich is dat it Frysk yn sittings brûkt wurde mei, lykas regele yn de 'Wet gebrûk Fryske taal'?
3. Wat betsjut dit foar de útfiering fan artikel 11 fan de Wet gebrûk Fryske taal? Erkent de regearing dat yn foarkommende gefallen de beskikberens fan in tolk needsaaklik is foar de útfiering fan dit artikel?
4. Hoe tinkt de Minister fia in fatsoenlike fergoeding foar kwalifisearre C1-tolken it rjocht op it gebrûk fan de twadde rykstaal te garandearjen no't dit ûnder druk stiet?
5. Sjocht de Minister kânsen om it rjocht op it gebrûk fan de twadde rykstaal yn it rjochtsferkear ek op oare wize te begeunstigjen, bygelyks troch mei de rjochterlike macht ôfspraken te meitsjen oer aktive en passive behearsking fan de taal?
6. Wat is de stân fan saken oangeande de ôfsûnderlik fêst te lizzen ôfspraken oer de Fryske taal yn it rjochtsferkear, lykas omskreaun yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023, artikel 9, tusken Ryk en Provinsje Fryslân?
7. Is de Minister ree om yn de nij op te stellen Bestjoersôfspraak konkrete ôfspraken oer de tolken fêst te lizzen?
8. Kin de Minister de fragen ôfsûnderlik beäntwurdzje? Binne jo ree dizze fragen te beäntwurdzjen foar it kommisjedebat Rjochtspraak fan tongersdei 30 septimber?

1) Omrop Fryslân, 22 septimber 2021 [Gjin Fryske tolken mear beskikber yn rjochtbank fanwege 'meagere fergoeding' | Omrop Fryslân \(omropfryslan.nl\)](#)